

Midsimmerjoun by 'it Klokhûs', in ympresje

Simmerske klanken fan it Regina Forte kwartet dounsje, nouris derten om inoar hinne, marsjearje dan wer strak yn it gelid, troch de romte dy 't ornaris ornearre is foar de gasten fan de camping 'it Klokhûs' by de pleats fan de famylje Reijenga fan Idzegea, mar dy 't nou (18 juny) foar it – tradysjonele - midsimmerjounenocht 2016 fan de Gerben Rypma Stifting ôfhierd is.

Skrousk, ûnljich waer. Dy tsjokke, suver al tsjustere loft en stevige buoijen, de iene jaget de oare, en de hurde wyn meitsje dat in inkeling – faeks net alhiel op dit waer klaeid - rydboskjend troch de iepensteande doar komt. Mar nei in bakje kofje of thé saksearret dat moai gau en as de fjouwer skildereftige froulju fan it kwartet, 'dressed in red', sa 't presentator Ernst Bruinsma harren oantsjutte, de earste noaten fan Mozart op de folle seal – in ploech moaije minsken, sei foarsitter Sicco Rypma fan de GR-Stifting – loslitte, hawwe wy inkeld noch ear en each, yn dy folchoarder tink ik, foar de firtuoaze 'kaprioalen' fan dit tûk musisearjende ensemble. It âlde klokhûs en it (tsjerk)hûf by de Idzegeaster poel roppe hast fansels in 'Memento mori' gefoel op. Dat noeget tagelyk ta kontimplaesje en de soms spynreachfine klanken dy 't dy fjouwer kreaze froulju út harren instruminten tsjoene en oer de hollen fan it auditorium struije dogge der harres ek ta. Se liede de harker, alteast dat oerkaem my, yn de tiid tobek. De djippe, waarme klank fan de cello biliket it lûd fan speten farske molke dy 't yn in ritmyske kadans hieltiid tsjokkere skomkragen yn de amers tjoenden, mar dat wie doe...

It fjouwerspan mûsisi, dat gjin koetsier op de bok hat, mar sa likernôch à la Flèche riden like to wurden, kidelet de strykstokken, lit dy dounsje, wynderje, twirje, fjouwerje oer de snaren en fiert ús yn en troch de musikale greiden en mied- en boulannen, dy 't Mozart, Mendelsohn Bartholdy, ús eigen Paulus Folkertsma en de Argentijn Astor Piazzolla – de kening fan de tangokomposysjes - oan de wrâld neilitten hawwe. Fierhinne skaeit it repertoire qua 'wurklist' joun út nei de romantyk.

Hiel apart, mar perfoarst gjin frjemde ein yn it bit, is it Strykkwartet Nûmer 2, yn C grut, diel I, II en IV fan ús eigen Fryske komponist Sipke Hoekstra. Om koart syn CV oer it fuotljocht to jaen: Hy is berne yn 1976 yn Ljouwert en studearre nei de earste oanrin fan basis- en fuortsetûnderwiis muzykwittenskippen oan de universiteit Utert. Tsjintwurdich is er marketeer foar ûnderskate topmuzykensembles en artysten. Al sûnt syn jongesjierren skriuwt er muzykstikken. Op dit stuit hat er in protte komposysjes yn opdracht, ûnder mear in passy foar koar, solisten en instrumintale ensembles. De komposysje 'Saga, soundtrack to the life of a forgotten hero', smiet him in 2015 in forskaet oan prizen op. En datselde jier krige er in trêdde priis foar syn strykkwartet 'First Movement', dat kandidearre wie foar de Malta International Composition Competition. As goede Friezen sizze wy dan: 'It koe minder.'

Doe 't de muzikanten útein setten mei niisneamd Strykkwartet giene de lju der ris goed. Men bilibbet net eltse joun sa 'n forfaltsje, dêr 't boppedat de libbene by de deade kaem; de komponist siet – in bytsje op biskûl - efter yn de seal. Ienriedich en strak yn it tempo kopketommelje de noaten troch de manjifike klankkasten fan de instruminten, glêd as in ikel, nei bûten ta, de seal yn. Dúdlik is dat Hoekstra ynspiraesje opdien hat by Mozart, dit stik is der oan bisibbe. Hy hat wis in protte nocht bilibbe om it 'Leitmotiv' dat him, sa 't ien fan de musisi yn 't foar fordútste, al in hiel skoft yn 'e holle omtyske, út to wurkjen ta dizze tige oansprekkende komposysje. Fleurich, kleurich, spannend, ritmysk, muzikael, en boeiend oan de ein ta. Faeks spile it kwartet mei in bytsje mear ynmoed noch as by de oare útfierde wurken, hwant sy kinne de komponist fan it Frysk Jeugdorkest, dêr 't alle kwartetleden – en ek Hoekstra - diel fan útmakke ha; sa wurdt de sirkel roun.

En dan wiene der fansels noch de dichters. Us eigen Elske Kampen, winner fan de Fedde Schurerpriis. De Gysbert Japickspriis 2013 gie krekt har noas foarby. Lans Stroeve, dy 't it Nederlânsktalige lûd hearre liet en forline jier de bondel 'Olympische zwemmer' útbrocht. Gysbertwinner Abe de Vries, hwaens oant no ta lêste bondel 'Brek dyn klank' útjoun waerd troch de nijste leat oan de stamme fan de GR Stifting utjowerij DeRyp, wie as, it moat sein wurde weardich, ramplesant oanlutsen foar de Flaemske Delphine Lecompte. Sy moast ôfbirjocht dwaen omt har partner, yn biskate rounte bikend as har muze, yn tsjok waer sit mei syn sounens. Alle trije dichters wiene goed op dreef, dichtsje is dreech wurk (Jan Kal sei ea dat it krekt fytsen op de Mont Ventoux is) en soms bidoeld om in tsjinlûd to jaen oer dingen, sitewaesjes, saken, dy 't yn de greate wrâld for master opslane. Of oer of saken dy 't harren driuwe of oer lytse deistige dingen dy 't se as metafoar brûke om thema's út to wurkjen. En dan docht bliken dat tael ek klankryk, ritmysk wêze kin en wurden in kontimplative en tagelyk retrospective lading krije kinne. Prachtige geve wurdkar, idioom, boeiende metafoaren en bylden, net altiid ûntbleate fan de aktualiteit (bygelyks Abe de Vries 'Wolkom yn Wommels' oer de

flechtlinge-problematyk), geaten se de harkers yn de earen, sa as likernôch eartiids in preek yn in âlderling delkaem; faeks komt dat noch wol skraechwurk foar!

Alles oereidzjend: in noflike joun, mei in heech nivo, sa 't de GR Stifting dat al in tal jierren hanthavenje kin, murk Ernst Bruinsma (AFUK-direkteur en útjower) treffend op yn syn slotwurd.